

## Sjueryrapport Bernard Smilde Priis 2019

Nei't der ferline jier gjin Bernard Smilde Priis útrikt wurde koe, is it op himsels al goed nijs dat de priis dizze kear wol útrikt wurde kin. Mar der is mear goed nijs. Ik hat bliken dien dat de dichters yn Fryslân har der net troch ôfskrikke litten hawwe dat de sjuery ferline jier nochal kritysk wie. Want der binne fan 't jier mar leafst twaentweintich lieten ynstjoerd. Wy moatte der al by sizze dat dy lieten ynstjoerd binne troch 14 dichters. Mar dat is noch altiten in moai oantal. Wy meie dêrom wol sizze dat de Bernard Smilde Priis wurket as in stimulâns foar minsken yn Fryslân en weagje har oan ik skriuwen fan in nij liet.

Wa't ferkeard wol kin fansels sizze dat it sinteklaasfeest ek in stimulâns is ta it skriuwen fan gedichten, mar dat dat noch net betsjut dat der dan ek poëzy makke wurdt dy't sprekken lije kin. Mar wy binne as sjuery fan betinken dat der yn in protte ynstjoerings goede en moaie rigels stienen. Spitigernôch wienen der dan ek altiten rigels dy't mear rimelen as rimen. Soks is skande.

Wy kamen ek fersen tsjin dy't tsjûgen fan in goede foarm behearsking. Mar in strakke foarm kin ek in Sauls-harnas wurde dêr't in Psalmidichter him net mear yn ferwege kin. Soks barde bygelyks yn in liet dêr't alle twadde rigels op deselde rymklank einige moasten. Soks giet in skoft goed: in hûs mei minskehannen, in liet oer fiere strannen, in stêd fol dwersferbannen, in paad nei nije lannen, mar dan rint it fers neffens ús út it spoar: de God fan 'sielsferbannen', by wa't wetter 'libben manna' wurdt. Dat bringt ús by in oar punt: it byld gebrûk. Der wie in ynstjoering oer krúskes yn 'e berm, dy't yn it ûnthâld bringe dat dêr ien om it libben kaam is by in ûngemak. Sa'n monumintsje jout te tinken. Miskien ek wol oan it krús fan Kristus. Mar dochs yn foarste plak oan it fertriet fan de neibestanden. It hie in hiel moai ferske wurde kinnen, mar sa is it neffens ús net fynfielend genôch. Wylst de dichter mei it byld dat er keazen hat goud yn hannen hie. Oer it gehiel nommen kaam it ús faker oer dat wy tochten: hâld it byld lyts en wurkje it mear út.

Posityf fûnen wy ek dat der mear as ien ynstjoering wie dêr't yn besocht waard in wat lichtere toan te finen as yn it klassike tsjerkeliet. Sa wienen der twa oersettingen fan it 'Pelgrimsgebed' fan de Súd-Afrikaanse sjongeres Amanda Strydom. In ynkringende *balad*, dêr't beide oersetters in hiel ein mei kaam binne. Mar it is it krekt noch net hielendal. Ien ynstjoering wie hast in kabaret ferske, dêr't de hillige faam Marije yn ferskynde as in Fryske boerinne, kompleet mei gouden earizer. Spitigernôch hie dit ferske in euvel dat wy mear tsjinkamen.

Dêrmei komme wy by de dingen dêr't wy net posityf oer binne. By mear as ien ynstjoering stie fermeld op hokker wize it liet songen wurde moast. Mar as je de tekst besykje op dy meldij te sjongen, docht bliken dat it tal wurdliiden net útkomt en de klammen op de kop ferkeard falle.

Fierders wie by mear as ien ynstjoering it Frysk net geef wie (en dan hawwe wy it net oer de stavering). Hienen de ynstjoerders har fers earst ris lêze litten troch ien dy't it Frysk goed behearsket, dat hienen se it sa net ynstjoerd. Wy fine it as sjuery net ús taak en stjoer ynstjoerings dêr't sokke flaters yn makke wurde mei reade streken werom. Mar faaks soe it reglemint wol wat oanskerpe wurde kinne. Yn syn algemienheid soenen wy it bestjoer fan Krúspunt it advys jaan wolle en nûgje alle dielnimmers (útsein de winner) út foar in lytse kursus ûnder lieding fan in goede dichter. Want doe't wy alle ynstjoerings besjoen en besprutsen hienen, bleau by ús it gefoel hingjen dat troch in dosint fan ien fan de sjueryleden ris sa ûnder wurden brocht waard: "Hier blinkt ongetwijfeld goud in het zand. Maar het moet nog wel door de zeef".

[It wurd sa stadichoan tiid en sis wa't no krekt de priis wûn hat. Mar earst wolle wy ien liet noch mei eare fermelde en dat is ynstjoering 20, mei de titel 'Mienskip 2'. It falt neffens ús in de kategory pastorale poëzy. Mar wy lêze leaver in slagge Nel Benschop as in net slagge Ida Gerhardt. Foar't it liet publisearre wurdt op it webstee fan Krúspunt, soe der neffens ús noch al in lyts bytsje oan behoffene wurde moatte. Mar wy soenen dizze dichter of dichteres oanmoedigje wolle troch te setten. Al wie it allinnich om in rigele as: "Wy helpe wer oerein dy't falle, de achterbliuwers meie foar".]

Dan oer nei de winner. Dat mei in ferrassing wêze. Want de ynstjoering fan de winner is net skreaun yn it Frysk, mar yn it Hylpers. Mar de bêste ynstjoering is no ien kear de bêste ynstjoering en dat is de oersetting fan de Lofsang fan Marije yn it Hylpers. De ferbining mei it tema 'mienskip' is wat tin, mar neffens ús moast de kwaliteit de trochslach jaan. Wy fûnen it ek wol wer bysûnder en stypje it tsjerkeliet yn sa'n lyts taalgebiet as it Hylpers. Yn syn taljochting skreau de oersetter dat it de bedoeling is dat der fan 't simmer in boekje ferskine sil mei santich lieten út it Lieteboek foar de Tsjerken yn it Hylpers. Wy hoopje dat de Bernard Smilde Priis 2019 der mei foar soargje mei dat dat Lieteboekje in soad omtinken kriget en in stipe yn 'e rêch wêze mei om in lyts dialekt fan it Frysk libben te hâlden.

David de Jong

Adri Terlouw

Syds Wiersma